

Mei „Lige is ek in fak” noflike jûn yn Easternijtsjerk

EASTERNIJTSJERK - It fûleindich yn de hannen klappen fan sa'n 250 lju yn it doarpshûs „De Terp” wie freedtejûn foar „De Bûnte Flinters” út dit doarp it bewiis dat harren earste opfieren fan „Lige is ek in fak” omraak foldien hie.

De folle seal wie oan it begjin fan de jûn al in goed teken. Op 13 jannewaris hopet de Easternijtsjerkster toanielploech wer mei har nije stik yn „De Terp” te kommen. Troch ligen rekken freedtejûn lju op it podium fan it doarpshûs yn de swierrichheden, mar troch ligen rêden se it op der ek wer út te kommen.

Homme Breimer(Piter Sikkema) en Betze

Belling(Durk Weidenaar) hienen harren froulju mar raar te fiter om't Line(Dieuwke Holwerda-De Vries) en Foekje(Pytsje Miedema-Bergema) net mei op fekânsje mochten nei Amelân en Dútslân.

De regy fan dit stik wie yn hânnen fan de hearen Piter Buwalda en Aant de Vries, wylst frou Jikke Sijsma foar de grime soarge.

„Lige is ek in fak” is in klucht yn trije bedriuwen nei „Der Meisterlûgner” fan H. Kirchhoff. It is yn 1978 bewurke troch B. Westra.

Op de foto sitte fan lofts nei rjochts: Pytsje

Miedema - Bergema(Foekje, de frou fan Betze Belling), Martsje Walda - Sijsma(de mem fan Line en Foekje), Willem Sijsma(Arend Rolsma, de feint fan Eke) en Dieuwke Holwerda - De Vries(Line, de frou fan Homme Breimer).

Steand fan lofts nei rjochts: Jikke Sijsma, dy't foar de grime soarge, Piter Buwalda, regy, Durk Weidenaar(Betze Belling), Wike Hoekstra - Kooistra(Eke, in dochter fan Homme en Line), Aant de Vries, regy, Jan Hoekstra(Wilbers, de wurkjower fan Homme en Betze) en Piter Sikkema(Homme Breimer).

